

Liuwe H. Westra

Krystpreek oer it krystliet Gesang 144 - mei in suggestje foar in lêzing, oare lieten en in ôfwikseling fan songen en sprutsen wurd

Gesang 144: 1 en 2

lêzing: Mattéus 2: 1-12

Gesang 152

As jo op 'e minsken lette, sjogge en hearre jo oan 'e manier fan rinnen watfoar nijs oft se meinimme. 'Hoe liefelijk zijn de voeten!' En as jo dêr gevoelich foar binne, krije jo fuort in oar sin.

Dat is presys de bedoeling mei Kryst. Dat jo yn tsjerke komme, en it fielt oars. Dat de minsken jin tsjinkomme, of jo de minsken, en dat der in fonk oerspringt.

Dat is it wûnder dat wy yn ús libben meidrage: dat ús gevoel ôfstannen oerbrêgje kin fan jierren en fan einen. Sa't dy boaden ûnderweis nei Jeruzalem noch mar yn 'e bergen binne, en de wachters hearre harren fuotten, en se binne yn ien kear optein. Sa't de wizen dy stjer sjogge, en witte: dêr moatte wy hinne, nei Betlehem.

Sa meie wy witte: dat berntsje fan Betlehem, Jezus fan syn earste dei op ierde ôf, ropt ús. As it oer Him giet, wurde wy oansprutsen. Syn boadskip set ús yn beweging. As yn dit liet. Om it goede nijs dat dêryn besongen wurdt, kinne jo net stilsitten bliuwe. Want dat goede nijs is flakby. 'Niet meer ver straalt de ster die u licht zal geven.'

Gesang 144: 3 en 4

De man dy't dit liet skreaun hat, hat syn part fan 'e ellinde wol hân. Paul Gerhardt libbe yn 'e 17de iuw yn Dútslân, wat no it eastlike part is. Dêr is it yn 'e 30-jierrige oarloch ferskriklike mâl gien. Sweden en Frankryk foelen yn Dútslân, en ferskillende Dútske foarsten fochten tsjin inoar. Net in oarloch om gebiet te feroverjen, mar om de tsjinstanner klappen ta te bringen en sa op 'e knibbels te krijen. Hiele doarpen en stêden binne doe ferwoeste en útmoarde, hiele krite hawwe jierren lang foar wyld lein.

Yn dy wrâld ferlear Gerhardt syn heit en mem op jonge leeftiid. Hy moast leare yn in kostskoalle, dêr't pas stookt waard as it mear as 15 graden frear. Hy waard dominy yn in gebiet dêr't noch wol tsjerken stiene, mar de minsken wiene der net mear.

It opfallende is, dat dêr neat fan werom te finen is yn syn lieten. Sels as hy sels trout, en trije fan 'e fjouwer bern ferliest, bliuwe syn lieten fan dizze toan: fleurich, fol betrouwen, moedich. Dizze man hat derfoar keazen om te dwaan wat de profeet seit: Púnbulten fan Jeruzalem, jimme moatte jubelje, want jim God is kening! Hy hat yn syn hert altyd romte holden foar it goede nijs dat it Kristusberntsje bringt.

Ik wit net, oft dat foar elk weilein is. Mar ik leau al dat it wier is. Dat it goede nijs fan Gods leafde dy't oer elk libben it lêste wurd hat, dizze man dertroch skuord hat. En dat syn lieten ús dêrby helpe wolle. Syn lieten binne wat de gesinken fan 'e wizen wiene yn 'e stâl: goud en skitterjende kostberheden, yn in omjouwing fan kleare earmoede. Jo kinne der net direkt wat mei. Wat moasten Joazef en Merije mei goud, wijreek en mirre. Mar it tilt it libben al op. En it bringt in boadskip, dy't jo meinimme kinne yn it hert – wat it libben jin fierder ek bringt. Net de ellinde, mar de leafde fan God hat it lêste wurd – en dat kin net ien jo ôfkrije.

Gesang 144: 5 en 6

En it is dus de útdruklike bedoeling dat wy dêr allegearre yn partsje. Jesaja profetearret yn en tsjin Israel, mar de ien fan it liet is: Alle folken sille it sjen! It heil fan 'e Hear, it ljocht fan Israels God is bedoeld foar alle minsken.

En dêrmei binne wy dus bedoeld: gjin Joaden, gjin tiidgenoaten fan Jezus, minsken dy't it fan ferhalen hawwe moatte yn in hiel oare wrâld en in hiel oare tiid. Minsken mei lege hannen, dichtet Paul Gerhardt. De wizen koene der noch hinne reizgje, al moasten se in pear tûzen kilometer rinne. Wy kinne der allinnich yn gedachten hinne. Mei neat yn 'e hannen, net iens mei ús lichem.

Mar dat is genôch. Dat is it wûnder. God lit Him yn gedachten benaderje. En dan moetsje jo Him dus mei hielendal neat. Noch minder as neaken, want ús lichem en ús libben bliuwt gewoan hjirre, yn dizze wrâld. Gewoanwei hawwe jo dêr neat oan. As jo sizze: Ik haw yn gedachten by dy west, dan hat dy persoan dêr neat fan field of murken yn 'e regel, en jo kinne dan it antwurd ferwachtsje: No, dêr haw ik neat oan, dan kinst dêr ek wol bliuwe.

Mar by God binne wy sels yn dy aldermeagerste, alderneakenste foarm wolkom. En wy moetsje Him, ek as wy Him oer dy gigantyske ôfstân hinne dy't allinnich ús gedachten oerbrêgje kinne, yn 'e foarm fan dat kwetsbere en teare berntsje, dat ús yn leafde oansjocht.

As dat jins fuotten en jins hannen en jins mûle net yn beweging set, dan wit ik it ek net mear.

Amen.

Gesang 144: 7

gebedens

Gesang 148: 2 en 3